



Ferkieziingsprogram Sosjaal Links 2022-2026

foar de gemeenteriedsferkieziings fan 16 maart 2022

Wêr steane wy foar?

Sosjaal Links stiet foar in sosjale mienskip dêr't elkenien yn telt en meidocht; mei bewuste boargers dy't duorsum omgean mei har omjouwing.

Yn ús wurk foar de gemeenteried propagearje wy de ideeën fan trije linkse politike partijen: Grien Links, Socialistische Partij en Partij van de Arbeid.



MEIÏNOAR LIBJE

1.1 Sosjaal Links wol ferantwurde, mar royaal omgean mei it tapassen fan W.M.O.-bepalingen

- it abonnemintsnivo fan de W.M.O. moat ôfskaft wurde en de priis foar húshâldlike help ynkommendôfhinklik makke. Dat moat ûnder de oandacht brocht wurde fan de Haachske polityk
- in strange kontrôle by de gunning fan soarchopdrachten en soarchsubsydzjes, sadat selsferriking fan oanbieders te foar kommen wurdt

1.2 Sosjaal Links befoarderet frijwilligerswurk foaral foar útkearingsberjochtigen en flechtlingen om diel te nimmen oan 'e maatskippij

1.3 Sosjaal Links fiert in aktyf jeugdbelied troch:

- strang hanthavenjen fan de Learplichtwet
- de jongerein yn elk doarp in meetingsplak te bieden
- de jongerein-streetcoach fierder te stypjen
- it foarkommen en ferminderjen fan jeugdkriminaliteit troch de effisjinte ynset fan jeugd BOA
- jongeren in selsredsumenstraining te jaan yn it basis- en fuortset ûnderwiis

1.4 Sosjaal Links fynt dat elkenien kâns krije moat om mei te dwaan oan de doarpsmienskip

- aktive stipe fan stiftingen en ferienings
- stimulearring en stypjen fan it stimulearringsfûns “It Is Oan Jo”
- stimulearjen fan inisjativen fan bewenners om it libben yn harren strjitte of buert foarm te jaan.

Mei stipe fan de gemeente, lykwols net as regisseurjend

1.5 Sosjaal Links wol oerstallige regels skrasse troch bygelyks:

- mear ynbring fan bewenners en harren belangehertigers by beliedsûntwikkeling
- de gemeentlike prosedueres te bekoartsjen en te fergemaklikjen foar bewenners-inisjativen

1.6 Sosjaal Links stiet foar it respektarjen fan elk syn miening en leauwen en de uteringen dêrfan

- en fan de stringinte skieding tusken tsjerke en steat

1.7 Sosjaal Links wol dat de wykplysje alle wiken in oantal fêste oeren op in iepenbier plak yn it doarp foar boargers beskikber is.

Sa is in wykplysje mear sichtber foar de befolking en hooplik makliker te benaderjen

1.8 Social Links stimulearret en fasilitearret it ûnderhâld en gebrûk fan gemeentlik grûn troch ynwenners, buerten en wiken



WENJE

2.1 Sosjaal Links wol fatsoenlike, duorsume en betelbere húsfesting

- foar elke ynwenner yn in feilige buert
- behâld fan de folkswiken
- bou fan starterswenten en ferromjen fan de mooglikheden foar starterslieningen
- jongeren en starters op de wenningmerk de kâns biede om in boukavel te hieren yn stee fan te keapjen
- subsydzjes foar enerzjybesparjende maatregels
- behâld fan de foarsjennings yn de lytsere doarpen
- rappe beskikberens fan boukavels om it ferlies fan jeugd út de gemeente tsjin te gean

- troch betelbere en duorsume Lytse Hûskes, Kangoeroewenten en Senioarenappartementen yn Dantumadiel

2.2 Sosjaal links is foar mingde wiken dêr't minsken mei ferskillende eftergrûnen en ynkommen wenje

2.3 Sosjaal Links stimulearret wenningkoöperaasjes fan bygelyks starters of âlderein

2.4 Sosjaal Links befoarderet de bou fan libbensrin-bestindige wenten en soarchmienskippen troch bewenners en wenningkoöperaasjes, sadat bewenners mei in beheining of âlderen sa lang mooglik yn har eigen omjouwing wenje kinne.
Social Links-set dêr W.M.O. middels foar yn

2.5 Sosjaal Links is foar it befoarderjen fan de feilichheid fan benammen fytzers en fuotgongers en foar it ûntsluten fan de doarpen.

2.6 Sosjaal Links wol by buertrûzje sa gau mooglik buertbemiddeling ûnder omwenners brûke
- in rappe oanpak fan wenoerlêst

2.7 Sosjaal Links wol -as it nedich is- lytsskalige hûsfesting foar flechtlingen, passend by de aard en skaal fan it doarp



BESTJOERE EN MEIDWAAN

3.1 Sosjaal Links giet út fan it prinsipe dat der net mear jild útgjûn wurdt as der binnenkomt fia de Ryksoerheid, heffingen en lokale belestings
- de lêsten meie net mear tanimme as de jierlikse ynflaasje

3.2 Sosjaal Links wol gemeentlike tsjinsten ticht by de boarger en stiet foar effisjinter brûken fan gemeentlike organisaasje troch:
- útwreiding fan digitale gemeentlike tsjinsten
- tsjinstferliening safolle mooglik op lokaasje

3.3 Sosjaal Links wol dat Dantumadiel in selsstannige gemeente bliuwt mei in lytse amtlike organisaasje
- oer saken dy't de boarger of syn/har direkte libbenssfear oangeane moat de ôfstân tusken boarger en bestjoer sa lyts mooglik wêze
- boppegemeentlike taken kinne útbestege wurde
- opskaling liedt yn 't algemien ta hegere kosten

3.4 Sosjaal Links stribbet nei belutsenens en berikberens fan de ynwenners fan Dantumadiel en nei mear ynfloed fan ynwenners op har omjouwing mei de folgjende prinsipes:
- de gemeente nimt in eigen ferantwurdlikens foar basisfoarsjennings foar elkenien
- de gemeente jout romte oan inisjativen fan ynwenners yn buerten en doarpen
- it ferminderjen fan ûnnedige regels troch bygelyks:
- gruttere belutsenens fan ynwenners en belanghawwenden by beliedsûntwikkeling
- gemeentlike prosedueres te bekoartsjen en makliker te meitsjen foar inisjativen fan ynwenners

3.5 Sosjaal Links stribbet nei de "minsklike maat" (minsken earst, dan regels) yn in "ynklusive mienskip"

3.6 Sosjaal Links is foar in ynklusive gemeente en tsjin elke foarm fan diskriminaasje en útsluting op grûn fan godstsjinst, hûdskleur, seksuele oriïntaasje en geslacht, geastlike en/of lichaaamlike beheining en befoarderet it diskriminaasjemeldpunt
- Dantumadiel wurdt in Reinbôge-gemeente



DUORSUMENS EN NATUER

4.1 Sosjaal Links befoarderet duorsumens ûnder oare troch:

- befoarderjen fan biologyske lânbou en feehâlderij
- stimulearring fan 'de lokale keatlingen'; produkten dy't lokaal produsearre wurde ek lokaal brûke om transport te ferminderjen
- CO2-útstjit feroarsake troch de gemeentlike organisaasje- beheine en stribje nei safolle mooglik gebrûk fan elektryske auto's by it ferfangen fan materieel
- ûndersyk nei subsydzjemooglikheden oangeande enerzjybesparjende en duorsume maatregels by Provinsje, Ryk en EU.
- supermerken dy't buertprodukten ferkeapje, buerttunen, buertenerzjyopwekking, ensfh. wurde stimulearre en stipe
- it inisjearjen en stypjen fan (boarger)inisjativen foar it opwekken fan alternative en duorsume enerzjy.

4.2 Sosjaal Links befoarderet bioferskaat troch ûnder oare:

- it meitsjen fan blommerânen yn bermen foar in bij- en flinterfreonlike omjouwing
- griene rotondes
- lânseigen planten te brûken by plantsoen oanlis
- maaibelied oanpasse (wêr mooglik: ekstensyf)
- it tapassen fan ekologysk snoeibelied
- weromhâldend wêze om beammen om te kapjen
- behâld en restauraasje fan it lânskip "Fryske Wâlden" en dit –benammen de beamsingels en houtwâlen - fêst te lizzen yn 'e bestimmingsplannen
- stimulearje en fasilitearje fan de "Operaasje Steenbreek", tegels derút, grienderyn, mei buerten en wiken
- it stimulearjen en fasilitearjen fan folkstunen, pluktunen en "lytse boskjes" mei buerten en wiken

4.3 Sosjaal Links is tsjin it tastean fan nije geitebedriuwen fanwege sûnensrisiko's

4.4 Sosjaal Links wol enerzjybesparjende maatregels befoarderje troch:

- gear te wurkjen mei bouferienings om isolaasjewurken út te fieren, wêrby't der in ridlike ferhâlding tusken hierferheging en legere enerzjyferbrûkkosten wêze moat
- it stimulearjen fan de bou fan "gasleaze" wenten
- ynstallaasje fan sinnepanielen op bedriuwsged bouwen, stâlen en mienskipsged bouwen
- de ynstallaasje fan lytse wynmûnen (rekken hâldend mei de jildende regels) troch partikulieren en bedriuwen

4.5 Sosjaal Links befoarderet de sirkulêre ekonomy troch:

- stimulearjen fan wergebrûk fan ôftanke guod
- stimulearjen fan -wêr't mooglik en sinfol- apart ynsammelen fan ôffal
- in duorsum ynkeapbelied troch de gemeentlike organisaasje

4.6 Sosjaal Links set him yn foar ôffalprevinsje

- stimulearret it brûken fan duorsume ferpakking by pleatslike winkellju
- stimulearret de oprjochting fan in reparaasjekafee, foar lytse húshâldlike apparaten

4.7 Sosjaal Links stimulearret inisjativen yn gemeente en regio om it brûken fan griene wetterstof mooglik te meitsjen

4.8 Sosjaal Links is tsjin it oanlizzen fan grutskalige sinnegreiden yn de gemeente, al least salang't de dakkapasiteit noch net brûkt is.

4.9 Sosjaal Links stimulearret lytsskalige doarpsenerzjykoöperaasjes

4.10 De gemeente Dantumadiel wurket oan de yn it klimaatakkoart stelde doelen foar de gemeentlike enerzjytransysje yn de perioade 2020-2030

4.11 Sosjaal Links wol dat de gemeente Dantumadiel aktyf belied oer enerzjygebrûk ûntwikkelt en jierliks rapportearret oer de resultaten.



ÛNDERWIIS, SOARCH EN WOLWEZEN

5.1 Sosjaal Links wol yn Feanwâlden sa gau mooglik in nije brede skoalle realisearje yntegraal mei in doarpshûsfunksje en sportfoarsjennings

5.2 Sosjaal Links set him yn foar it behâld fan de lytsere skoallen yn de gemeente
– kreative gearwurking fan lytse skoallen sadat skoallen yn de doarpen bestean bliuwe kinne

5.3 Sosjaal Links is foar it hanthavenjen fan it ferbod op alkohol- en drugsgebrûk op iepenbiere plakken

5.4 Sosjaal Links wol der foar soargje dat soarch en wolwêzen tichtby de minsken beskikber is troch te kiezen foar in doarpsrjochte oanpak (tegearre mei de soarchoanbieders en wolwêzensorganisaasjes)

5.5 Sosjaal Links fiert belied dat rjochte is op it bestriden fan earmoed en útsluting troch û.o.

- aktive skuldhelpferliening
- it bestriden fan leech-belêzenheid en analfabetisme
- gearhingjend minimumbelied fia ien oansprekpunt
- it bekend meitsjen fan sosjale útkearingen oan minsken dy't dêr rjocht op hawwe
- bettere ferwizing nei ynstânsjes en foarsjennings om mei te dwaan yn de mienskip
- elk bern fan in húshâlding mei in leech ynkomen moat maatskiplik meidwaan kinne
- Social Links stipet dêrom Stichting Leergeld en it Jeugdfûns Sport en Kultuer.
- de saneamde "Earmoedefal" ûnder de oandacht bringe fan de Haachske polityk
- maatwurk by it trajekt fan útkearing nei wurk en gjin "perverse prikkels" lykas it ferdwinen fan taslaggen
- ferromming fan it minimabelied, lykas by de bysûndere bystân, frijstelling fan heffingen en subsydzjes foar hûsisolaasje ek foar lytse yngrepen
- ferromming fan byfertsjinsten en donaasjes yn de bystân
- stipe en tsjinsten troch de gemeente moatte basearre wêze op fertrouwen en net op wantrouwen

5.6 Sosjaal Links wol dat it jild foar de jeugdsoarch, de Wet Maatskiplike Stipe (W.M.O.) en it budzjet foar partisipaasje nei de minsken giet dy't it nedich hawwe.

Sa min mooglik jild giet nei de oerhaad fan organisaasjes

Sosjaal Links hechtet grut belang oan de profesjonaliteit en kwaliteit fan de gebietsteams

5.7 Sosjaal Links brûkt de mooglikheden fan de W.M.O. om ynwenners mei in beheining de kâns te jaan om in aktyf libben yn de maatskippij te lieden

5.8 Sosjaal Links wol bettere hûsfesting foar de Voedselbank Dantumadiel, yn kombinaasje mei in yntegrale oanpak fan skuldbegelieding

- bygelyks troch in sosjale adviseur/frou, coach foar minima, earmoedeplatform

5.9 Sosjaal Links stimulearret previnsje yn de soarch, bygelyks troch:

- ynwenners dy't soarch nije yn kaart te bringen
- it befoarderjen fan (mei elkoar) bewegen
- it foarkommen fan iensumheidsproblemen troch doarps- en soms wykrochtes te wurkjen
- betingsten te skeppen wêryn bewenners/omwennjenden, Doarpsbelangen en Soarch/. wolwêzensorganisaasjes minsken stipe jaan kinne by it foarmjaan fan har eigen libben
- ynformaasje oer en previnsje of bestriding fan oerlêst troch ferslavingsproblemen

5.10 Sosjaal Links organisearret de W.M.O.-gebietsteams lytsskalich

- rjochte op de eigentlike fraach fan de bewenner mei spesjalisearre help as dat nedich is.

– wêrby't stipe jûn wurdt mei mantelsoarch en buerthelp, yn gearwurking mei thússoarch

5.11 Sosjaal Links set him yn foar it behâld en fersterkjen fan de posysje en it ferheegjen fan it tal húsdokters yn de gemeente

Dêrneist foar it behâld en útwreiding fan it Medysk Sintrum Sionsberg mei Spesjalistyske Earste Help-funksje



WURK EN YNKOMMEN

6.1 Sosjaal Links is foar in sneinsiepening dy't oanslút op de omlizzende gemeenten

6.2 Sosjaal Links wol in goed kontakt mei har lokale ûndernimmers, om't se dat nedich fynt foar sûne bedriuwen en wurkgelegenheid

6.3 Sosjaal Links wol him benammen ynsette op lytsskalige duorsume bedriuwssaktiviteiten en ûntjouwing fan wurkgelegenheid

Sosjaal Links stipet it bedriuwslibben dat har rjochtet op it ûntwikkeljen fan wurkgelegenheid, troch:

- goed kontakt mei ûndernimmersorganisaasjes
- in amtner dy't him spesifyk rjochtet op kontakt mei bedriuwen

6.4 Sosjaal Links wol derfoar soargje dat minsken mei in útkearing mei maatwurk stipe wurde by it finen fan in oare baan of op oare wize tydlik frijwilligerswurk.

6.5 Sosjaal Links leit prioriteit by wurkgelegenheid foar jongeren troch:

- projekten foar training en baanpromoasje oan te bieden mei baanperspektyf
- in útkearing te sjen as in tydlike brêgeperiode by it krijen fan in baan

6.6 Sosjaal Links wol dat minsken mei in sosjale wurkfoarsjennings-yndikaasje in gaadlike baan krije binnen de reguliere arbeidsmerk en as dat net kin, oan it wurk komme op in beskermde wurkplak.

6.7 Sosjaal Links fynt dat ZZP-ers en minsken mei in tydlik kontrakt mei finansjele problemen op de goede wize trochferwiisd wurde moatte.

6.8 Sosjaal Links wol dat oanbestellingen sa opset wurde dat ek regionale aanbieders meidwaan kinne



KUNST, KULTUER, REKREAASJE EN SPORT

7.1 Sosjaal Links nimt inisjativen dy't rjochte binne op it behâld fan kultuerhistoaryske gebouwen en it Noardlike Fryske Wâldengebiet

Boppedat wurdt it gebrûk fan dy gebouwen, lykas de Schierstins yn Feanwâlden en de Sûkereij yn Damwâld, stimulearre

7.2 Sosjaal Links befoarderet it Fryske kultuer- en taalbelied troch:

- dit bliuwend te stimulearjen yn it ûnderwiis
- it stypjen fan inisjativen dy't dit útdrage, lykas de pleatslike musea en organisaasjes dy't har ynsette foar it behâld fan de eigen skiednis fan ús gemeente

7.3 Sosjaal Links wol derfoar soargje dat de bibliotek yn De Westereen behâlden wurdt

En dat dizze him fierder ûntwikkelet ta in ynformaasjesintrum foar ynweners fan Dantumadiel, mei saakkundige meiwurkers dy't ús ynweners sawol digitaal as yn print lêsynformaasje jouwe

- it op 'e nij foarmjaan fan de biblioteekfunksje yn de doarpen dêr't dizze foarsjenning ferdwûn is.

7.4 Sosjaal Links fiert in aktyf sportbelied, mei spesjaal omtinken foar de jeugd troch:

- stimulearring fan it brûken fan de Stichting Leergeld en Jeugdfûns Sport en Kultuer en de Lauwers-regeling foar de âlden)
- boppesteande foarsjennings moatte beskikber wêze foar elkenien waans famyljeynkommen ûnder 120% fan 'e noarm foar sosjale bystân is
- bekostiging fan swimdiploma A en B fan bern út húshâldings mei in leech ynkommen

7.5 Sosjaal Links wol derfoar soargje dat muzyklessen yn it basisûnderwiis jûn wurde troch in fakdosint fan de muzykskoalle

Dit, sûnder ten koste te gean fan de formaasje fan de basisskoalle.

De oanwêzigens fan de muzykskoalle is fan grut belang foar de kulturele ynfrastruktuer en biedt dêrnjonken kwaliteit en kontinuïteit foar goed muzykûnderwiis foar bern dy't harren op dit mêd fierder ûntwikkelje wolle.

Sosjaal Links fynt dat dielname oan muzykûnderwiis foar elkenien beskikber wêze moat

7.6 Sosjaal Links wol lytsskalige en duorsume rekreaasje-foarsjennings fierder ûntwikkelje en dy sawol amtlik as bestjoerlik stypje

- goede toeristyske foarsjennings yn Dantumadiel: ynklusyf banken en prullebakken, breed en goed ûnderhâlden fyts- en kuierpaden
- genôch aktuele toeristyske ynformaasje op ferskate adressen